

Notulen foerjiergearskomte 8 maart 2019
20.00 oere sportkantine sportcomplex 'It Bosk' te Bitgummole
Skreaun troch Wendy de Vries, sikretaris

1. Iepening

Lia hjit elkenien wolkom; leden, eareleden, leden fan fertsjinsten, kommisjeleden, sponsors, reginten fan de Van Aisma stichting, haadsponsor Jelle de Vries en Theo de Vries.

Lia fertelt oer de hichtepunten fan 2018, lykas as it winnen fan de Bûnspartij nei 72 jier. Mar dêr tsjinoer wiene der ek djiptepunten.

Lia: 'Want, om mar in nij Frysk wurd te brûken, it wie yn guon gefallen in 'flomke-jier'. Der gienen in hiel soad saken net sa hja moasten en dan moatte jo der hiel hurd oanlûke om it wer foar elkoar te krijen. Saken wêrsto dan gjin ynfloed op hast, mar dy't we wol oplosse moatte.

En wat binne der yn 2018 in soad minsken ús ûntfallen. Leden, partners fan leden, en bysûndere OKK-minsken, Corry en Bert.'

En dermei is Lia by it lêste punt oankommen fan it iepeningswurd.

It is tradysje om elts jier efkes stil te stean by de minsken dy ús it ôfrûne jier ûntfallen binne. It bestjoer is, sa as it heart as tradysje fan OKK, op kondoleânsje west by de situaasjes dy by ús bekend wiene. Lia lêst de nammen op fan de minsken dy ferstoarn binne en mist wurde troch harren dy efter bleaun binne.

Foot van Loon-de Jong	12-01-2018	87 jier
Annie de Groot	07-03-2018	72 jier
Corry Veenstra	20-03-2018	87 jier
Sijt Smits	02-08-2018	92 jier
Klaas Iedema	28-09-2018	78 jier
Jan van der Vlugt	06-10-2018	62 jier
Hilly Noordenbos	09-10-2018	76 jier
Bert Hoogland	12-10-2018	46 jier
Henk Tromp	18-02-2019	77 jier (niet lid, heit fan Age)
Broer Kamminga	22-02-2019	72 jier

Lia freget eltsenien om stean te gean en in momint fan stilte yn acht te nimme en dizze minsken te betinken.

Om 20.06 iepenet Lia de gearkomste mei in hammerslach

2. Meidielingen en ynkommen stikken

-we hawwe dizze kear in oare folchoarder fan de aginda

-De av fan de KNKB is op 16 maart.

-2 kofje + cake en 1 konsumpsje is foar rekkening fan de feriening.

Berjocht fan ferhinderung is kommen fan: Willem Postma, Steven Koster, Harry Buiteveld, Grietje Lautenbach, Kor Zitteema, Tjisse Steenstra, Gea de vries, Marjan van der Schaaf.

3. Notulen foarjiergearkomste 2019

De notulen stean op de webside en se lizze op tafel.

Der binne gjin fragen of opmerkingen en Lia tanket Wendy foar it skriuwen.

4. Besprekking foarstellen fan AV fan de KNKB

Per foarstel lêst Lia foar wat it ynhâld.

Foarstel 1: Boalsert wol minder frije formaasje, mear DEL (50%/50%).

Johannes Westra: Ik fyn it in prima foarstel, dêrtroch krijsto in bettere ferdieling, en dat is abslút nedich. Mar ek foar de trochstream en de takomstige talinten. As it giet om OKK, ha ik begrepen dat VA-dei in klassieker is. We moatte der wol omtinke dat de ynhâld fan de wedstriid bliuwt lykas dizze no is.

Lia: Dat wie ús ynstek ek. Wy wolle der wol akkoard mei gean, mar útsûndere ús klassiker.

Lolke Jan Dijkstra: Earst komt it foarstel fan Boalsert. As dat fuort stimt wurdt, dan komt it foarstel fan de KNKB. Wurdt dat ek net oannommen dan bliuwt it sa as it no is.

Lia: Mar dan bliuwe wy noch wol sitten dat wy ús wedstryd kwyt reitsje kinne as elkenien foar stimt mei Boalsert. Dus prima om foar te stimmen, mar dan wol mei behâld fan de Van Aismadei sa as dizze no is.

Johan van der Meulen: LKC mei ek harren wedstriden behâlden.

Lia: Ja mar se hawwe sawol in frije formaasjepartij as in trochelkoarlotters partij.

Frans Dijkstra: Yn de jierren 90 is it fêst steld wat de klassikers binne en hoe dizze foarme binne. Frije formaasje foar de Van Aismadei.

Kobus van Schepen: Der stiet ek noch yn it foarstel fan Boalsert om ek op de ôfdielingswedstriden it aksint te lizzen. En dêr organisearje wy ek in wedstryd fan.

Frans Dijkstra: Is it sinfol dat der noch in petear komt mei it HB? Want as der neat bard dan kin it mis gean.

Hedzer Terpstra: Wy binne foar in bettere ferdieling. It leit fêst dat der klassikers binne. Kinne wy net yntsjinje dat wy foar in bettere ferdieling binne mei behâld fan de doe oprjochte klassikers?

Frans Dijkstra: Dan moatsto wol stipe hawwe fan oare ferienings.

De konklúzje is dat wy ús VA dei sa wolle behâlde.

Lia: Wy binne der mei akkoard, mits behâld fan ús VA-dei. Lia sil in petear oanfreegje

mei it HB.

Foarstel 2: rankingpunten tawize oan DEL wedstriden.

It bestjoer is it hjir net mei iens, wy geane mei it HB mei.

Johannes Westra: Soe it net in idee wêze om it hiele rankingsysteem tsjin it ljocht te hâlden? Wy hawwe no gjin TC mear, en dit moast de problematiek rûn de TC ferfange. Mar it systeem is datsto de iene kear wol haadklasse keatst en by de folgjende wedstryd wer werom set wurdt. En sa giet dat de hiele tiid hinne en wer werom. Wêrom gean wy net werom nei de subjektieve TC. It is net dreeh om te sjen wa der wol of net keatse kin. Jo moatte gewoan ta jaan dat it net is slagge, dat hiele rankingsysteem.

Lia: It HB is der mei dwaande, want út alle hoeken komt der kommintaar.

Johannes Westra: it wurdt tiid foar in reflectie: it HB moat ek kritysk wêze op it rankingsysteem. Wat heech wierskynlik ek in soad jild kost. Dus faaks moatte jo neitinke of jo in stap werom dwaan moatte. Dat is dochs net sa lestich? It is sa simpel as it mar kin.

Lia: It wurdt elke AV en gearkomste roppen. Ik kin Lolke Jan no wol wer oan sjen, mar dat hat gjin sin. Wy kinne dit no dochs net beslisse en it is net oan ús.

Johannes Westra: Wy moatte der net sa moeilijk oer dwaan.

Lia: ik moat it no beheine tot it foarstel, ik kin jo opmerkings heechút meinimme.

Johannes Westra: Dêr hinget in kostenplaatsje oan fêst, dat kin ik wol jo wol ferklappe.

Frans Dijkstra: It giet no om it foarstel

Lia: werom nei it foarstel: earst efkes neat oan dwaan, dus tsjin stimme.

Foarstel 3: Dronryp wol in oanpaste ranking

Binne jimme it iens dat wy mei it HB mei gean? Lit it HB it mar fierder útwurkje.

Wy binne tsjin de syklus fan 6 wedstriden.

Foarstel 4: foarstel KNKB: federaasje tot 5 regio's redusearje

It bestjoer is foar ir foarstel.

Gjin kommintaar fan de leden, dus we stimme foar.

Foarstel 5 Boalsert en Makkum, it prizenbelied

Boalsert wol it oantal prizen yn de ferliezersronde ynkoartsje. Makkum wol it prizenjild fan de froulje ferheegje.

It HB hat sein dat sy it prima fine, mar sy gean it net reglementair fêst lizzen, se meitsje der rjochtlinen fan. Dat fine wy ek, elke feriening kin dat prima sels bepale. As der wat wizigje wurde moat, is it in hiel gedoch om it wer werom te wizigjen. Dus wy binne akkoard.

Foarstel 6: Dronryp oer de oanpassing fan it eenlingenbeleid. O.a. 1 oanfraach per partoer.

OKK hat altyd tsjin it eenlingenbeleid stimd. Dit is in oanskerping, dus ja wy binne foar.

Gjin reaksje út de seal.

Lolke Jan: stimme wy foar it foarstel fan Dronryp?

Lia: Ja. Hjir kin it HB him ek yn fine.

Lolke Jan: Dronryp seit ek dat der in kommisje komme moat dy it kin toetse.

Lia: dat stiet net yn it foarstel

Johannes Westra: It is te gek foar wurden datsto út Lutjelollum in keatser helje kinst om dermei de priizenkast oan te folje.

Lia: De keatser moat wol út in neistlizzend gebiet komme.

Foarstel 7: Dronryp: meidwaan fan meardere partoeren oan it NK, Ald-meiers en de Freule.

Dronryp hat fansels meardere partoeren. Ferienings mei in in soad jongerein wurde straft fine hja. Hjirtroch wurde de jeugdkeatsers gedemotiveerd.

Kobus van Schepen: dan moat it net sa wêze dat it foarmjen fan meardere partoeren dan mei it eenlingenbelied bard. Dat soe dan te gek wêze.

Lia: Dat mei dus wol en dat krijsto dan ek. It HB hat har tinkwize hjir ek op los litten en wol it oannimme, mar allinne foar de NK's foar 2 jier. Dêrnei evaluatearje. Freule en Ald-meiers wolle net meiwurkje. Wy binne der op tsjin. Hoecht wat ús oan giet net.

Wa is der op tsjin om mear partoeren nei it NK te stjoeren? it grutste diel fan de oanwêzigen. Dus wy binne tsjin.

5. Bestjoerssaken 2019

Manon docht in wurdsje út namme fan de Jeugdkommisje:

‘ Wy hawwe in leuke club minsken by elkoar, fol mei ideeën. Foar de reguliere trainingen hoeven de bern net lid te wêzen, dit is ek bedoeld foar bern om kennis te meitsjen mei it keatsen.

Yn maart giet Harmke Siegersma op de basisskoallen oan groep 3 en 4 training jaan, yn totaal 4 kear. Fanút dy lessen sjogge wy faaks ek wer nije leden kommen.

Fanôf dit jier kriget elk nij jeugdlid in wolkomstpakket besteande út in tas mei pet, in bal en de nijsboetsjer. Der Iizze ek in pear nijsboetsers hjir om yn te sjen.’

Manon ferfolget har ferhaal: Johannes Westra is fêst bliid: Naomi is nei it keatsmuseum west, se fûn dit hartstikke leuk. Dus dat stimulearje wy ek.

Der wie dit jier gjin winteractiviteit, mar yn plak dêrfan komt de bryke partij. de jeugdkommisje docht ek mei oan de Poeisz sponsoraksje. Dus hjirby in oprop: leverje alle munten by ús yn. De aksje rint oant 7 april.

Dêrnjonken is it lestich om trainers te finen, en de jeugdkommisje kinne alle help goed brûke. Lykas coaches. Dus lit it de jeugdkommisje witten asto ynteresse hast.

Manon slút ôf troch elkenien in moai keatsseizoen te winsken.

Lia betanke Manon

Lykas elkenien wierskynlik opmurken hat yn it boekje, der stean gjin kontaktpersoanen by de kommisjes. En ek is it leech by de funksje fan sekretaris. Wendy giet wol troch yn it bestjoer, mar net mear as sekretaris. Omdat der nog gjin ferfanger is, sil se noch wat taken op har nimme. Johan kin goed frysk skriuwe en wol Wendy wol helpe ien dit

ferhaal. Sa wurdt besocht om allegeare wat op te pakken foar it sekretariaat

Lia nimt de ferdieling fan de bestjoersleden by de kommisjes.

Der is in nije kommisje, de VA-kommisje. Lia yntroduseart dizze nije kommisje. Sy bekommerje sich oer de fraach as de VA-dagen sa bliuwe moatte.

Johannes Westra: It is in gesellige klup

Ina Dijkstra: moai dat it der is. Foar it bestjoer ek.

Frans Dijkstra: It is allegearre noch wat dizich, wy kinne der ek noch net in hiel soad oer sizze.

Lia: Takom jier is it in jubileumjier, en dit sil ek in ûnderdiel wêze fan dizze kommisje.

De wedstriidagenda wurdt foarlêzen. Dan komt Lia op it punt dat we miskien 2 keatsdagen krije tidens de merke ipf 3 dagen.

Fedde Janzen: krije wy dan ek mar 2 dagen merke?

Lia: do krigest foar 2 dagen jild mei.

6. Bestjoersferkiezing

Periodiek ôftreden en herkiesber : Steven en Wendy.

Wendy en Steven meie bliuwe dit is bepaald troch in applaus wat se krije fan de oanwêzigen.

Alexander nimt ôfskied. Lia docht in koart ferhaaltsje oer Alexander en hy kriget in bosk blommen en in kadobon. Nei in grut applaus nimt Alexander plak tusken de oanwêzigen.

No wurde de nije bestjoersleden nei foaren roppen: Steven Hogendorp, Sybe Schaaf en Johan van der Meulen. Sy krije harren speltsjes en in grut applaus fan de oanwêzigen.

Dan de nije foarsitter. Jacob Wietse hat oanjûn dizze funksje oer nimme te wollen fan Lia. Fan it bestjoer mei hy de nije foarsitter wurde, allinnich de ledenfergadering moat der oer beslûte. Dus wy sille der oer stimme moatte. Wa is der foar? Wa is der op tsjin? Wa ûnthâld him fan stimmen? Eltsenien stimt foar en Jacob Wietse wurdt mei applaus oannommen as nije foarsitter.

Lia rjochtet har noch ta de oanwêzigen en bedanket elkenien foar de stipe tidens har bestjoersperiode.

Jacob Wietse nimt it wurd oer en sprekt Lia ta. En Lia kriget in kadobon en blommen. Mar dat is net alles. Want it bestjoer wol oan de oanwêzigen foarlizze om Lia as erelid fan OKK te beneamen. De oanwêzigen gean akkoord en mei applaus wurdt Lia beneamd as earelid fan OKK.

Se kriget it byhearrende speltsje op en it boardsje wurdt oerlange.

Dan hawwe we no earst skoft.

7. Jierferslach fan 2018, foarlezen troch Wendy

It jierferslach wurdt foarlêzen troch Wendy. Der binne gjin fragen nei de tiid.

8. Finansjeel ferslach 2018.

Yvonne nimt it wurd en besprekt de finânsjes dy ta ynsjen op tafel lizze.

Albert Nauta: op side 6 kloppet de optelsom net. En de liening is ôfrûn. Yvonne sil dit oanpasse.

9. Ferlach kaskommisje

Johannes de Vries nimt it wurd út namme fan de kaskommisje. Hy is mei Reintsje van der Schaaf by Yvonne lâns west. Alles seach der goed út, Johannes wol wol ynvestearje yn in nij systeem. Dit systeem is echt hiel bewurklik. En dan krijsto die optelflaters ek net. Fierders hawwe se gjin opmerkings.

Johannes de Vries is no 2x as kaskommisje bij Yvonne west.

Reintsje mei folgjend jier noch in kear, mei Harry Buitenveld.

Wa wol de nije reserve wurde?

Eltsenien ropt Albert Nauta.

10. Begrutting 2019

Dizze is slútend. Yvonne docht in taljochting en der binne gjin fragen oer de begrutting. Yvonne kriget in applaus.

11. Fêststelle kontribúsje

Der binne gjin wizigingen.

12. Omfraach

Albert Nauta: yn 2020 bestean wy 125 jier. Wy hawwe in bêste kas, en we matte ús dan wer presintearje. Ik tink dat we net te benaud wêze moatte. Miskien moatte wy ek wer in kear grut útpakke. Wy ha ek hiele sunige ponghâlders hân, dus we meie ek wol wer ris wat jild útjaan. En dit kear gjin boeken want dan moat Albert op 'e nij heie.

Siep Heslinga: ik fûn de útnoeging frij let. Dit wurdt beaamd trocht Jacob Wietse. We sille ús best dwaan om dit foar de folgjende gearkomste earder lâns te bringen.

Siep Heslinga: Dan oer de krystkaarten, as sponsor krije jo wol in krystkaart mar net as lid

Jacob Wietse: Dit nimme wy ek mei.

Johannes Westra: Yn it jierferslach fan de KNKB stiet dat der 500 leden minder binne. Hoe kin dat no? Hoe kinne wy de leden fêst halde. En dan de keatswike fan de KNKB, wat hat dit oplevere? It is de hiele wike feest west, mar wat hat it opsmiten kwa jild?. Fjerder hat Johannes Westra op de huldigingsjûn frege of minsken lid wurde wolle fan de Keatsfreon. Dan binne jo freon fan it keatsmuseum.

Jan Hoogland: is dat per saldo? Dy 500 leden?

Lolke Jan Dijkstra: der binne in oantal ferienings dy by de leden lâns west binne om te freegjen of hja lid bliuwe wolle of donateur wurde wolle. hjirtroch hiene we in hiel soad leden minder. Der binne hieltyd mear ferieningen dy't dit dogge. Gelokkich by de jeugd groeit it wol.

Jan Hoogland: Dus dat binne skynleden, sy betelje gewoan jild, mar dan fia in oare wei.

Jacob Wietse: Dit binne net aktive leden. Hja hawwe gjin bûnsnûmer.

Johannes Westra: hoe kin it dat der in circuit fan donateurs ûntstiet. Hoe kin dat no?

Jacob Wietse: It giet úteinlik oer de ôfdracht, dit giet net mear per lid mar mear kwa

omfang.

Albert Nauta: Miskien moatte we oan de ferienings wer it om giet freegje wer dat se no mei dwaande binne. Dit is ferfalsking op skrift.

Lolke Jan: De KNKB is der wol mei dwaande om de hiele federaasje derby te belûken. Dy hawwe federaasjes wêrsto do dy sa by op opjaan kinst. Mar der binne ek ferienigingen dy wol lid wurde wolle, mar fragen stelt ha wat de KNKB harren te bieden hat. It giet dan ek om benammen de lytse ferienigingen dy earder ôfsein hawwe, om harren der no wer by te belûken.

13. Slúting

Om 22.32 slút Jacob Wietse de gearkomste.